


# KRYPTOGRAM 242a




## Horizontaal

- 1 Hat er in hekel oan oaren? (5)
- 4 Dy is net foar de foarútgong fan de auto (9)
- 8 Gjirn erfaren sportofficial (7)
- 9 Dat hûntsje lûkt net, mar wurdt lutsen (7)
- 10 Byld fan in maits (5)
- 11 Lêste menstruaasje op in kastiel (9)
- 13 Jout kleur oan in baan yn de soarch fan de brânwar (9)
- 16 Meagere jonge (4)
- 18 Prinsessebeantsje (4)
- 19 Solo dy 't allinnich mar bargebiten jout (9)
- 23 James Bond (9)
- 25 Spaanske wyn fynt men ek wol yn Brazylje (5)
- 26 Om de tiid mei fol te praten (7)
- 27 Ferfiermiddel foar dikke minsken yn Londen (7)
- 28 Handich meubel by it fuottebankje (9)
- 29 Tinne aaikes (5)

## Fertikaal

- 1 Advys fan in makelder oer de wenningynrjochting (6)
- 2 Hjiryn wurdt dûbelde striid levere (7)
- 3 Binde berchskiep fan generaal Rommel? (7)
- 4 De lytse is yn mineurstimming (5)
- 5 Twa fisken foar ien wetterplant (9)
- 6 Ferkeapet kaffeïne en oare drugs (9)
- 7 Unifoarm foar muzikale romtefarders (8)
- 12 Mislearre pankoekjes dy 't heech yn de loft fleane (7)
- 14 Makke Mia tumult oer de lêste eask? (9)
- 15 Spoeket om tolve oere nachts (9)
- 17 Skipslak (8)
- 20 De bern fan de grienteboer (7)
- 21 Dy dreamt fan in spittou (7)
- 22 Fûgel fan de marine (6)
- 24 Sykteferskynsel dat treft (5)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 27 - 28 - 10 - 29 - 11 - 21 - 7 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei [denksport@lc.nl](mailto:denksport@lc.nl), ûnder fermelding fan **Kryptogram 242a**. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 242a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **24 oktober** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekjebon t.w.v. €15,-** ferlotte.



## Kryptogram 241a:

Plaknamme:

**TSJOM**

**Winner Boekebon:**

H. Hobma, Leeuwarden

**LEEUWARDER COURANT**

12-10-2024